

## Sjueryrapport Douwe Tammingapriis 2017 foar poëzy fan debutanten

Dichters skriuwe net om in priis te winnen. Se skriuwe omdat se harren uterje wolle, ta de taal ferhâlde wolle, fan de konsintraasje hâlde dy't it skriuwen fan poëzy freget en bringt en de wille dy't soks jout. Dichters skriuwe omdat wat yn harren sels dêr om freget.

Fansels, soks kin him letter hiel goed ferbine mei in fersyk fan bûtenôf, lykas by de trije gemeentedichters yn it rychje nominearden, mar altyd moat der earst yn dy as dichter in fonkje baarnd ha, it fonkje fan de ûntdekking en ûnderfining dat poëzy skriuwe dy leit, dat it by dy past. Datst fan de taal it ritme fielst dat dy suver meinimt, datst dy fernuverest oer dat wat der op papier stiet wylst it tagelyk net oars kin as dat it by dy weikomt. Of sa't Hagar Peeters dat sa moai ferwurdet 'datst mei it skriuwen even grutter wurdst as dysels'.

Dy ûnderfining hawwe jim as dichters grif allegear en dat wie foar ús as sjuery te fernimmen doe't wy de foar dizze Douwe Tammingapriis nominearre bondels liezen. Wy wolle jim as sjuery dan ek allegear fan herte lokwinskje mei de moaie útjeften dy't troch jim skriuwen ferskynd binne!

Dan wol ik no graach oergean ta it foarlêzen fan it sjueryrapport.

### Sjueryrapport

De sjuery bestie dit kear út Jacobus Smink, Albertina Soepboer en Elske Kampen.

Wy krigen as sjuery 9 bondels om te hifkjen. We hiene hjiroer kontakt fia de mail, hawwe sa ús befiningen ûnderling útwiksele en binne ienriedich ta de bondel *leech hert yn nij jek* fan Geart Tigchelaar kaam as it winnend debút fan de Douwe Tammingapriis 2017 foar poëzy.

It gie hjir om de debuten út de perioade 2012 oant en mei april 2017. Dit wie in langere perioade as de bedoeling fan de priis is, dy't ien kear yn de twa jier - om en om mei proaza - útrikt wurdt. Yn 2015 lykwols die al bliken dat der foar de útrikking fan 2016 net foldwaande kwaliteit oan poëzy ferskynd wie en der dêrom net sprake fan in priis wêze koe. Gelokkich lei it der no wat oars hinne.

De 9 debuten wiene yn trije groepkes te ferdielen: twa publikaasjes yn eigen behear, it wurk fan trije gemeentedichters en fjouwer bondels útjûn by in offisjele útjouwerij.

Oan de iene kant wiene wy der as sjuery wiis mei dat it by dizze debuten ek om jonge dichters gie, mar konstatearren dêrby tagelyk - ek sjoen de ferlinging dy't der west hat - dat it om in tige beskieden oantal gie. In priis lykas dizze kriget dêrmei suver ek de funksje om soks te konstatearjen. Kursussen foar begjinnende dichters by Tresoar smieten oant no ta wol gauris nije dichters op. Mooglik soe in ferdjipjend ferfolch dêrop, yn de foarm fan in ien op ien kontakt tusken in debutant en in al mear betûfte dichter yn de funksje fan redakteur, ta noch mear debuten liede kinne.

By in poëzypriis lykas dizze Douwe Tammingapriis, is de kearnfraach fansels: wat is poëzy?

Wêr moat in tekst oan foldwaan om dy ta poëzy te meitsjen en ferfolgens, wannear is poëzy goede poëzy? Poëzy beoardielje falt net ta. Los fan de persoanlike komponint dy't fansels in rol spilet, is it ek goed in tal aspekten fan poëzy te ûnderkennen en te sjen oft dy by de debuten oan 'e oarder binne.

Inkelde aspekten wiene:

*1. Hoe brûkt de dichter it ferskynsel ritme*

In gedicht is literatuur dy't, yn tsjinstelling ta proaza, opboud is út fersrigels. Dy rigels hawwe in oare funksje as by proaza, dêr't se meastal gewoan trochrinne. By poëzy hat de sinsbou, de syntaksis, in funksje wat it ritme oanbelanget. Hoe hat de dichter dy sinsbou brûkt en wat is it effekt dêrfan. Wat docht it mei de betsjutting, bliuwt dy itselde of ferskoot der wat.

*2. Hoe is de muzikaliteit*

Los fan dat ritme spilet ek de muzikaliteit in rol by de wurdearring fan poëzy. Wat dogge de klanken ûnderling. Is der bygelyks sprake fan alliteraasje, fan assonânsje.

*3. Hoe seit it gedicht dat wat it sizze wol*

In gedicht wol wat sizze en as it tema fan dat sizzen daliks helder is, is ien kear lêzen genôch. Mar poëzy kriget mear kwaliteit as dy helderheid fan it tema der net daliks is. As dat sizzen bygelyks mei in tsjinstelling of in ûntkenning dien wurdt. Of mei it brûken fan stilistyske eleminten lykas symbolyk of byldspraak of troch te boartsjen mei de meardere betsjuttings fan in wurd. Mei oare wurden: dat der mear stiet as dat de tekst op it earste gesicht priisjout. Dan moat de lêzer tinke, kriget dy de romte om eigen betsjuttings te jaan, ropt in gedicht fragen op, komt der djipgong, wol it gedicht nochris lêzen wurde, resoanearje der oare betsjuttings mei en ûntsteane der nije ferbingingen tusken dy betsjuttings.

*4. Hoe wurde de gedichten ûndergien*

Wie it nei ien kear lêzen wol klear, of woene we in bondel nochris lêze omdat de ynhâld ús rekke of yntrigearre. Hiene we it gefoel dat der by in twadde kear noch mear oan de gedichten te belibjen wie of yn te finen.

## **Dan no oer ta de 9 bondels**

Twa dêrfan binne útjûn yn eigen behear en de skriuwille fan de dichters is oan beide bondels ôf te lêzen. It giet om *FersKaat* fan Folkje Koster en *Lang om let* fan Hinke Veenstra. De gedichten fan Folkje Koster binne foaral observaasjes, wurdboarterijkes, - sa't de dichter it sels seit - sfeartekeningen fan de natoer en gedichten oer har âlden, de tiid en de leafde, yn meastal koarte rigels skreaun yn geef Frysk. In aardige bondel fûn de sjuery mei frije fersen en as hichtepunt it gedicht *Mem*.

Yn de bondel fan Hinke Veenstra steane njonken alle gedichten selsmakke foto's dy't by it tema fan it gedicht passe. Dat hat in fisueel oantreklik effekt. De gedichten hawwe tema's lykas *loslitte*, *kieze* en *fierder gean*. Dat lêste ferwurdet de dichter bygelyks yn it foargoed yn de kast hingjen fan in âld jaske dat har net mear past.

Beide bondels hawwe as tema dat wat de dichters sels seagen, tochten en belibben en stiigje dêrmei net echt boppe it persoanlike út. Likegoed binne it weardefolle fersen foar de dichters sels, mar se falle dêrmei dochs wat bûten dat wat poëzy ta poëzy makket.

Fjouwer bondels binne min of mear skreaun op grûn fan in prikkel fan bûtenôf.

Ien dêrfan is de bondel *25 Frisse Fryske Ferskes* fan Tonke Dragt, skreaun nei oanlieding fan de kursus *Skriuw mar Frysk* dy't de dichter mei nocht folge en dizze bondel as resultaat hat. De gedichten mei yllustraasjes fan eigen hân binne moai foarmjûn. De bondel is kwa ynhâld in bûnte lappetekken fan allerhande tema's en wurdboarterijen. De dichter hat gjin grutte pretinsjes jout er sels yn syn ynlieding ek al oan. Mar likegoed stiet der ek ernstich wurk yn en in geef sonnet.

De trije oare bondels binne dy fan de gemeentedichters fan Achtkarspelen, te witten:

Sytse van der Werf, Ate Grypstra en Suzan Bosch. De bondels binne soarchfâldich en hiel ferskillend foarmjûn. In kompliment is werklik op syn plak foar dizze gemeente, dy't mei it konsekwint ynstellen fan in gemeentedichter no al in lytse 10 jier de poëzy in plak yn it deistich libben jout.

Yn syn algemienens kin fan dizze bondels sein wurde, dat it yn feite gelegenheidspoëzy is. It giet hjir foar in grut part net om frij wurk. Tema's lykas de jierlikse lintsjes, 4 en 5 maaie en sporteveneminten, binne foarôf bepaald. Soks hat fansels konsekwinsjes foar de gedichten, dy't dêrtroch gauris inkeld in anekdoatyske ynhâld hawwe. Alle trije dichters lykwols brekke ek wol út dy beheining wei en litte harren eigen lûd hearre. Sytse van der Werf docht dat yn syn bondel *Lieten en gedichten* bygelyks mei moaie rigels lykas 'hazzegrize loftten' en 'do bist it gea fan griene tinten'. Syn sfearfolle gedichten mei foto's dêrnjonken skilderje it lânskip en de minsken op melodieuze wize.

De bondel fan Suzan Bosch *Achtkarspelen in collage* is, sa't se sels seit, 'een collage van momenten en reflecties op natuur en mienskip'. Har bondel is twatalich en yllustrearre mei eigen filtkollaazjes yn tapaslike en betsjuttingsfolle kleuren. Suzan Bosch wol yn har gedichten moed jaan en it goede sjen litte. Dat docht se mei moaie wurden fanút (en ik sitearje har) 'myn doarp dat ûnfersteurber bewoartele leit yn 'e beskutting fan in deeglik lânskip.'

De ek twatalige bondel *As deldwarreljende jiske* fan Ate Grypstra, dy't earder al proaza skreau, hat in bysûndere foarmjouwing. Njonken de ynhâldlike bestjutting krije de wurden ek in grafysk-fisuele foarmjouwing. Tekst en yllustraasjes foarmje sa in spannend gehiel. Mei sterke taal yn de gedichten *Djip fan binnen* en *Diggelfjoer* brekt Ate Grypstra, fynt de sjuery, noch it meast en nijsgjirrichst út de beheining fan gemeentedichter wei en makket benijd nei wat hy as dichter noch mear kin.

De titel fan Sigrid Kingma har debút is *Reade triedleas/Red wireless* en it giet hjir dan ek om in twatalich Frysk en Ingelsk debút. De bondel hat in rykdom oan bylden, assosjaasjes en ynfallen. Sigrid Kingma lit in eigen oarspronklik lûd hearre en tilt dêrmei har tema's boppe it persoanlike út, ek al is ien fan dy tema's bygelyks har siikwêzen. Se lit yn dizze bondel sjen dat se in eigen taal hantearret en slagget der yn om te boartsjen mei meardere wurklikheden. Wol wiene wy as sjuery fan miening dat guon fersen noch te bot meardere kanten út wolle en tefolle bylden yn har drage. Benammen it twadde part fan de bondel oertsjûget dêrom noch net genôch. Mar Sigrid Kingma lit mei dizze bondel wol sjen dat se as dichter de basis yn har hat.

Fan Harke Bremer en Jarich Hoekstra ferskynde de bondel *Leffert*, in tige humoristysk heldedicht yn tolve sängen. Dit heldedicht giet oer Leffert, dy't libbe yn de tiid fan Redbad en de wrâld yn moat mei tolve flokken dy't er yn de widze al oer him hinne krigen hat. De dichters hawwe wille mei de Fryske taal en mjuksje geef Frysk mei hjoeddeiske taal op in hiele oansteklike wize. Fierder boartsje se mei hjoed en juster, mei de (Fryske) skiednis, mei ridderferhalen en mearkes, en mei wat helden binne. It is moai dat sa'n bondel fol mei taalwille ferskynt. De sjuery hopet op noch mear fan soks, al wie it allinne mar om it linich en humoristysk Frysk dat dizze bondel opfallend makket en ta ien grut feest om te lêzen.

Geart Tigchelaar syn debútbondel hat as titel *leech hert yn nij jek*. Hy brûkt, suver as in organysk gehiel, Frysk fan dizze tiid dat tagelyk ek âldere wurden yn him hat. Dêrby boartet er op in protte plakken mei de syntaksis en hy docht dat mei reden en meastal effektyf. Syn tema freget net om moaie rigels, mar krekt om it pratende en ûnderbrutsene. De dichter skriuwt út ferskillende perspektiven en tiden wei oer it ferlet fan de ik om romte te meitsje en âlde dingen achter him te litten en bliuwt yn de fiif skiften fan syn bondel konsekwint oan dat

tema wurkjen. Net alles falt dêrby teplak, mar dat hoecht ek net. Krekt dy lege plakken meitsje it fertriet en de iensumens fan it lege hert noch skerper. De dichter lit yn dizze bondel sûnder folle omhaal fan wurden sjen wat der ta docht. Hy beskriuwt bygelyks yn it gedicht *Wierliken* mei in pear halen in relaasje tusken in hy, in heit en in mem. Yn it gedicht *Tasein* brûkt de dichter sterke bylden om fertriet fiele te litten. Dizze bondel fan Geart Tigchelaar dêr't alles yn brûkt en ynset wurdt om goede poëzij te meitsjen en der beslist om freget faker as ien kear lêzen te wurden is, lykas earder bekendmakke, neffens de sjuery dan ek it winnend debút.

Hoewol't der by dizze Douwe Tammingapriis inkeld sprake is fan in nûmer ien, hiene wy wol in list fan fjouwer favoriten fêststeld en wy fine it as sjuery fan belang om dy yn willekeurige folchoarder noch al even te neamen. Utsein de winner wiene dit *Leffert* fan Harke Bremer en Jarich Hoekstra, *As deldwarreljende jiske* fan Ate Grypstra en *Reade triedleas/Red wireless* fan Sigrid Kingma.

Uteinlik binne we yn folsleine harmony kaam ta *leech hert yn nij jek* fan Geart Tigchelaar as it winnend debút fan de Douwe Tammingapriis foar poëzy 2017 en wy wolle him dêr dan ek fan herte mei lokwinskje.

*Jacobus Sminck, Albertina Soepboer, Elske Kampen (sjueryrapport)*